

BMD-F

*Stifting foar in brede maatskiplike diskúsje oer
de takomst fan it Frysk*

Fryske Steateleden bûgje har oer de takomst fan it Frysk.

Jo binne fan herten wolkom.

19 jannewaris 2017, 19.30, Tresoar.

DAT FRIESK, DAT BLIUWT DER WOL!

In healjier ferlyn organisearre de stichting Brede Maatskiplike Diskusje Frysk in stúdzjemiddei mei as titel: **“Brûke jonge bern it Frysk noch?”**

Geert Driessen fan de universiteit fan Nijmegen presintearre dêr de útkomsten fan relevant ûndersyk. Dêr die út bliken dat jonge bern yn rap tempo ûntfryskje. In protte minsken skrokken, kranten, radio en TV joegen omraak omtinken oan de presintearre feiten. Yn it neipetear op 10 juny wie de breed droegen konkluzje: **“At it Frysk net mear status krijt, is it net te rêden.”**

De Stichting BMD-Frysk organisearret op tongersdeitejûn 19 jannewaris 2017 in ferfolch op dit petear. Foar mear status is de Fryske polityk, benammen Provinsjale Steaten, as earste ferantwurdlik. De presintaasje en de diskusje binne sadwaande benammen bedoeld foar Steateleden; sy krije dêrom in eareplak yn de “inner circle” fan de Gysbert-Japixcseal. Mar it is mei sin in publike jûn dêr’t nei alle gedachten de parse aardich omtinken oan jaan sil. En: it sil helpe wannear’t der safolle mooglik omsittend laach is- en wannear ‘t dit laach saakkundige ynbring leveret. Mei oare wurden: wy kinne net bûten jo.

De wurklist:

- Iepening troch foarsitter BMD-Frysk Frâns Kuipers
- Presintaasje troch Willem Verf mei as sintraal tema: **“Wat moat der barre wol it Frysk mear status krije?”**
- Fragen, diskusje, ferkenning mooglikheden
Petearlieder Frâns Kuipers
- Ynformeel neipetear mei drankje en flaubyt

Wolle jo josels sa gau mooglik **oanmelde** foar dizze gearkomst? Dat kin mei in E-mail oan: BMDFrysk@gmail.com

Mear ynformaasje: Frâns Kuipers, De Kamp 14, 9231 Surhústerfean, 0512-361714 of Willem Verf, Foarwei 139, 9104 BW Damwâld, 0511-421197.